

Provinsje Fryslân  
Deputearre Steaten fan Fryslân  
o.f. mefr. S. Poepjes  
Postbus 20120  
8900 HM Ljouwert

POSTADRES

Westersingel 4  
Keamer 3.01  
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.nl  
www.dingtiid.nl  
@dingtiid

Giet oer: ûntwikkelingstrajekt keardoelen Frysk

Ljouwert, 28 juny 2019

Achte deputearre Poepjes,

Graach freegje ik jo omtinken foar it folgjende: DINGtiid is oer de ôfrûne moannen op meardere stuiten ynformearre oer de nuodlike sitewaasje oangeande it ûntwikkeltrajekt fan de keardoelen Frysk. De provinsje Fryslân, ûnder waans ferantwurdlikheid dit proses him ôfspilet, hat it trajekt tydlik stopset op 1 april 2019. De situaasje fan ynaktiviteit hâldt noch altiten oan, der wurdt sûnt net mear wurke oan it einadvys foar de nije keardoelen Frysk, sa hat DINGtiid begrepen.

Dêrmei komt it proses yn Fryslân om ta nije keardoelen Frysk te kommen fierder efterop te rinnen by it lanlike proses. Wat letter it advys foar de Fryske keardoelen ree is, wat dreger it wurdt om yn de ferfolchfaze gearhing mei de oare keardoelen te realisearjen. Boppedat is de kâns net lyts dat de leden fan it Untwikkelteam nei de simmer net mear beskikber binne, om't de formaasjeplannen foar de skoallen foar it jier 2019/2020 definityf makke wurde – of al binne – en de leden dus mooglik gjin ekstra tiid mear krije foar dizze aktiviteit.

Buro kurrikulum.frl, dat de ûntwikkeling fan de keardoelen foar de provinsje útfiert, hat yn de rin fan it skoft sûnt 1 april syn noed ferskate kearen by DINGtiid kenber makke dat it proses om de keardoelen Frysk parallel ferrinne te litten mei it Nederlânske trajekt, loslitten wurde moatte sil. Dat betsjut nei alle gedachten skea yn de ymplemintaasjefaze, om't it Frysk dan faaks net meinaam wurde kinne sil by de lansearring fan de lanlike keardoelen fan de oare fakken.

Yn it skoft oktober/novimber 2019 wurdt lanlik in advys útbrocht foar de nije keardoelen. Dêrnei start in ferfolchfaze om op basis fan it advys ta nije keardoelen te kommen. Wy tidigje derop dat de provinsje Fryslân alle war docht om te soargjen dat it proses fan fêststellen fan de keardoelen Frysk gjin fierdere skea oprint troch fertraging en dat it advys foar de Fryske keardoelen yntiids ree is om yn de ferfolchfaze fan 't neijier parallel mei de lanlike keardoelen oprinne te kinnen.

Allinnich sa kin it belang fan it Frysk heechholden wurde yn it lanlike kurrikulumtrajekt.

Mei heechachtinge,

A handwritten signature in grey ink, consisting of a circular loop followed by a long, sweeping tail.

Freddy Weima (bestjoerslid, Kennis & Underwiis)